

is de baas ek thús?



solo-programma fan

Leny de Vries

it programma

In frommis allinne op it toaniel is nij foar Fryslân. Foar Leny sels net. As beuker fan trije jier waard se al troch heit Tetman op it biljert set en letter, nei sa'n 15 jier kabaret yn ploechferbân, hat se it allinne prebeare mei saneamde besteande nûmers.

Dit foldie har en it publyk skoan. Dêrom hat se no in ploech minsken om har hinne sammele om meiïnoar in alhiel nij solo-programma te meitsjen. In solo-programma dêr't sysels in protte ideeën en ynfallen foar oandroegen hat en dêr't se harsels dus aardich yn kwyt kin, sa't dat hyt.

It programma pakt in ferskaat fan hjoeddeiske ûnderwurpen by de kop en de minsken by it hert, om't it sa ticht by ús allegear stiet: fan it bern yn de ûnwisse oergong tusken lyts en grut nei de wiffe situwaasje fan ferealens en leafde en de brike status fan it houlik nei de sjarmante wiisheid fan de âlderdom en lang om let de dea, dy't we sa graach yn in tsjuster hoekje triuwe, mar jûn even yn de spotlights sette.

En dat allegearre ûnder it motto: witte jo it..... nee ik ek net. Dus dochs mar hoopje dat de Baas thús is?

“Leo Dykstra”

- Is de baas ek thús? Rients/Cees
- De baas is net thús Rients
- Frou & Begelieder Rients/Addy
- Geart & Ryk Leo/Cees
- Foto's Leo/John
- Trut fan in ûnbekind merk Leo/Addy
- Prins fan 86 jier Baukje/Addy
- Pieb'Anne Leny
- As ik dy net hie Leo/Cees
- Noait ris boppe op'e banken Leo/John

skoft

- Gewoan grifformeard Leo/Addy
- Lytse frou Baukje/John
- Tro'dehage Leny
- Yn'e frede Leo/John
- Tichte kraan Rients/John
- Twadde leafde Leo/Addy
- Acht huodden en in blommenkrâns Baukje/John
- Doch mar gewoan.....
dan dochst al gek genôch Leny
- Is de baas ek thús? Leo
Leo/John

Teksten:	Baukje Wytsma Rients Gratama Leo Dykstra Leny de Vries
Muzyk:	Cees Bylstra John Eskes Addy Scheele
Regy:	Hilly Harms
Oanklaaiïng toaniel:	Gert Jan van Kamp
Oanklaaiïng Leny:	Liedwien van der Veer
Foto's:	Peter Popken
Programma:	Jan Roos
Printwurk:	Van der Eems, Easterein
Begeleiding:	Addy Scheele John Eskes
Technyk:	Harry van Koningsveld

Wizigingen yn de wurklist foarbehâlden.
Sûnder tastimming mei út dit programma neat oernommen wurde.

de minsken

Harry van Koningsveld - de man fan de technyk.

In elemint dat jo net lyts achtsje moatte. Ien misse knop en in nûmer is in flop. In fak dus. En Harry is yn it sâlt bebitten nei 6 jier Rients.

Addy Scheele - der wurdt wolris sein dat muzikanten in ropping folge. By Addy moat dat sa wêze. De muzyk hat it wûn fan de stúdzje Ingelsk yn Grins. It wurde dochs Conservatorium.

En it hiele ferskaat fan jazz, pop, klassyk, gospel en kabaret sit yn syn bloed en fingereinen. Sawat alle piano's yn Nederlân kinne dêr oer meiprate, falsk of net falsk. Addy makket komposysjes en arrangeminten foar radio-, studio- en platenproduksjes. En no dus, lykas by Rients, ek wer yn tsjinst fan de lytse k fan kabaret.

John Eskes - die ien Conservatorium yn trije plakken; in beweeglik man dus. Dat blykt ek, want it falt net ta in ynstrumint te finen dat yn syn hânnen of mûle net begjint te libjen. Doe't hy tretjin wie begûn dat al mei it oargel yn de Mennistetsjerke fan Wolvegea, letter wied er leraar muzyk en no komponearnt en arrangeart er alle soarten muzyk, fan pop en kabaret oant F.O. en koaren. Fierder radio en tévé-wurk.

Leny de Vries - acht jier Tetman, tsien jier Leny en Leo Dykstra, tweintich jier RONO en ROF-Skoalleradio, twa jier Leny Allinne. Sa earst mar even, se komt jûn noch genôch oan it wurd.

Hilly Harms - grutte stipe by alle rippetysjes, fan toanieltechnyk oant psychotherapy. Ommers alles wat jo moandeis oer fuotbaltrainers lêze, is bernewurk fergelike mei it wurk fan in kabaret-regiseur. Sy is tige belutsen en kundich troch ûnderfining as lepenloft-spylster en Tryater-spylster en har regy by it amateur-toaniel.








Korrespondinsje adres:
Leny de Vries
Postbus 135
9250 AC BURGUM
Telefoan: 05116 - 2059
(eft. 3999)



Jo fine ús efter diken, yn doarpen en stêden,
yn drokke strjitten en oan rêstige pleinen...
Mear as 300 fêstigings fan de Rabobank
steane yn Fryslân foar Jo klear.

Rabobank 
jild en goeie rie



Alle Rabobanken meiinoar yn de provinsje Fryslân.